



DUORSUM DOARRE DIELE

FERKIEZINGSPROGRAMMA PAL GROENLINKS 2018-2022
FESTSTELD BY DE ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE FAN 17 JUNY 2017

PAL GROENLINKS

Y N H A L D S O P J E F T E

1. Solidêr en soarchsum

1.1. Wurk earlik diele.....	4
1.2. Solidêr mei minsken yn earmoed.....	5
1.3. Wy soargje foar elkoar.....	5
1.4. Sport draacht by ta sûnens en wolwêzen.....	6
1.5. Elk bern kin syn talint benutte.....	6
1.6. In oantreklike studintestêd.....	7

2. In griene, sûne en skjinne takomst

2.1. Wy besparje enerzjy en wekke skjinne enerzjy op.....	8
2.2. Wy binne sunich mei grûnstoffen.....	9
2.3. Wy kieze foar natoer, lânskip en wolwêzen fan bisten.....	9
2.4. Wy meitsje reizgjen skjin, betelber en noflik.....	10

3. Noflik wenje en rekreëarje

3.1. Bouwen bliuwe oan in monumintale stêd en moaie doarpen.....	11
3.2. Betelbere wenningen yn goede wiken en leefbere doarpen.....	12
3.3. Romte foar rekreaasje en toerisme.....	12
3.4. Keunst en kultuer ferrykje ús libben.....	13

4. Ien mienskip

4.1. Wy bestride diskriminaasje en befoarderje emansipaasje.....	14
4.2. Wy biede ûnderdak oan flechtlingen.....	14
4.3. Wy wolle in rjochtfeardige wrâld.....	15

5. In feilige en demokratyske gemeente

5.1. Wy befoarderje in feilige mienskip.....	15
5.2. Wy soargje foar mear sizzenkip.....	16
5.3. In slutende begrutting.....	16

KEARNWEARDEN

FYZJE

US KEARNWEARDEN

It ferkiezingsprogramma fan PAL GrienLinks is basearre op in tal kearnwearden en idealen. Wy stean foar:

- ûntspannen sosjale ferhâldings mei in earlike ynkommensferdieling wêrby't elkenien de kâns hat om wurk, soarchtaken, oplieding en frije tiid te kombinearjen;
- it beskermjen fan de ierde, it behâld fan ekosystemen en in respektfolle omgong mei bisten;
- in earlike ferdieling fan krappe natuerlike helpboarnen ûnder alle wrâldboargers en ûnder de hjoeddeiske generaasje en de takomstige generaasjes;
- in alsidige mienskip dêr't elkenien yn deselde mjitte en yn de grutst mooglike frijheid oan dielnimme kin;
- in iepen mienskip mei mienskipsin wêrby't sizzenkip oer it eigen libben en de wrâld dêr't wy yn wenje, sintraal stiet.

US FYZJE: DIELE KANSEN EN IN MIENSKIPLIKE TAKOMST

PAL GrienLinks stiet foar in polityk dêr't it mienskiplike belang op de lange termyn en net de winst op de koarte termyn sintraal stiet. Dêrom is dit ferkiezingsprogramma skreaun mei it each op de mienskip dy't wy oer tsien of tweintich jier wêze wolle.

Wy wolle in mienskip dêr't elkenien de kâns krijt om in kwalitatyf bestean op te bouwen. Dêr't wurk, ynkommen en soarch earlik ferdield wurde. Dêr't mooglikheden binne om mei te dwaan oan sport en kultuer, ek foar gesinnen mei in leech ynkommen.

Us partij kiest foar in griene, sûne en skjinne takomst, sadat wy ek ús bern perspektyf jaan kinne. Dêrom sette wy yn op skjin ferfier, enerzjysunige gebouwen en mear iepenbier grien.

Wy wolle in mienskip dêr't stêd, doarpen en bûtengebiet elkoar oanfolje as oantreklike wen- en rekreaasjegebieten. Wy kieze foar betelbere wenningen en foarsjenningen dy't de leefberens yn stân hâlde en befoarderje.

PAL GrienLinks stiet foar ien dielde mienskip. Dêr't minsken net lâns inoar hinne libje, mar soargje foar elkoar, sûnder inoar ôf te rekkenjen op ôfkomst, godtsjinst, leeftyd of seksuele foarkar. Dêr't minsken har ferpleatse kinne en wolle yn inoars posysje.

Ta beslút gean wy derfan út dat elk minske wat fan syn libben meitsje wol en dat minsken bydrage wolle oan de wrâld om har hinne. Dêrom jouwe wy de romte oan boargers dy't de wrâld griener, moaier of skjinner meitsje wolle.



1.1. Wurk earlik ferdiele

PAL GrienLinks wol dat elkenien yn ús gemeente in fatsoenlik bestean opbouwe kin en deselde kânsen hat om oan it wurk te kommen. Dat dogge wy troch:

- Mear gearwurking ta stân te bringen tusken de gemeente, besteande kennisinstellingen en bedriuwen op it mêd fan wettertechnology, duorsume enerzjy en itenstechnology. Dêrmei wurdt Ljouwert oantrekliker foar nije bedriuwen. Offalstreamen fan it iene bedriuw wurde troch in oar bedriuw brûkt as grûnstof of foar enerzjy. It sluten fan sirkelgongen, in sirkulêre ekonomy, is goed foar it miljeu en foar nije wurkgelegenheid;
- Ljouwert noch mear te profielearjen as eveneminte-, monuminte- en kultuerstêd. Dat jout nije wurkgelegenheid yn it MKB, de hoareka en de kultuersektor;
- Mear banen te skeppen yn de publike sektor. De ôfrûne jierren is de wurkgelegenheid yn de (saaklike) tsjinstferliening behorlik daald. Dêr komme net automatysk banen yn oare sektoaren foar werom.

PAL GrienLinks wol dat feroarje en fynt dat de publike sektor it goede foarbyld jaan moat. Wy tinke bygelyks oan it oanstellen fan ekstra stedswachten, kultuer- en buertsportcoaches, mear wurk yn de grienfoarsjenning en it skjinhâlden fan ús gemeente;

- Minsken kânsen te bieden om oan wurk te kommen. Wy wolle dat minsken dy't (langduerich) oan de kant stean byskoalling krije, sadat se oan de slach kinne yn de beroppen dêr't âldere wurknimmers mei pensjoen gean en dêr't de kommende jierren ferlet fan nije wurknimmers is;
- Nei te tinken oer in takomst dêr't troch tanimmende robotisearring en automatisearring de wurkgelegenheid ôfnimt. PAL GrienLinks fynt it wichtich om wurk earlik te ferdielen. Dat kin de gemeente dwaan troch bygelyks yn har eigen organisaasje in koartere wurkwike te stimulearjen of âldere wurknimmers harren wurksumheden frijwillich ôfbouwe te litten (generaasjepakt);
- Skaalfergrutting yn de lânbou tsjin te gean. Skaalfergrutting liedt ta minder wurkgelegenheid en set de

- leefberens op it plattelân ûnder druk. PAL GrienLinks wol dêrom mear romte meitsje foar in bredere ekonomyske basis foar it plattelân mei romte foar natoerynklyusive lânbou, rekreaasje, toerisme, soarch en wolwêzen;
- Mear mooglikheden te kreëarjen by fergoedingen fan frijwilligerswurk en mantelsoarch. Unbetelle wurk is yn in tsjinsten- en soarchekonomy wichtich foar it funksjonearjen fan ús mienskip. Alle foarmen dêr't minsken mei bydrage oan de mienskip moat wurdearre wurde;
- Jierliks ôfspraken te meitsjen mei wurkjouwers, fakbûnen en ûnderwiisinstellingen oer (by)skoalling, staaazjeplakken en it kreëarjen fan nije banen.

1.2. Solidêr mei minsken yn earmoed

Ferskate gesinnen yn Ljouwert hawwe te meitsjen mei langduerige earmoed en skuldenproblematyk. Dêr wol PAL GrienLinks fanôf. Dêrom meitsje wy ús sterk foar:

- In lokaal eksperimint mei it basisynkommen. Dêrby kinne minsken útgean fan in fêst besteansminimum en byfertsjinje troch te wurkjen of te ûndernimmen. Dêrtroch hawwe minsken mear te besteegjen en fergruptsje sy harren kânsen om te wurkjen. Ynfiering fan in basisynkommen fereasket meiwurking fan de lanlike oerheid. Safier is it noch net. Oant dy tiid passe wy earst it bystânsysteem oan. Wy wolle ôf fan de ûnnedige regels foar minsken mei in bystânsútkearing. Wy fine dat jo mei in bystânsútkearing byfertsjinje meie en frijwilligerswurk dwaan kinne moatte dat by jo past;
- Dat der maksimaal 40% fan it netto-ynkommen útjûn wurdt oan hier, enerzjylêsten en de soarchfersekering. Salang 't der tefolle minsken binne dy't boppe dat persintaazje útkomme, wurkje wy oan de ferleging fan hieren en enerzjylêsten en meitsje wy ôfspraken mei soarchfersekerders oer in goedkeape soarchfersekering;
- It ferromjen fan de kritearia foar minimumfoarsjennings, lykas it frijskatten/kwytskelden fan belestingen;
- Mear budzjet en foech foar skuldprevinsje troch sosjale wyk- en doarpetiims, sadat der minder faak in bewâldfierder nedich is. Wy pleitsje foar in lanlik keurmerk

- foar bewâldfierders;
- Oplissingen foar minsken dy't langduerich yn de skulden sitte. It sinjlearjen fan skulden is ûnfoldwaande. PAL GrienLinks fynt it ûnakseptabel dat minsken net út de skulden komme kinne troch in opsteapeling fan boetes en oanmanings fan oerheden. Wy wolle dêrom dat (semy-) publike organisaasjes lykas de gemeente, wenningboukorporaasjes, (soarch)fersekerders en ynkassoburo's gearwurkje om oplossingen te finen foar minsken dy't langduerich yn de skulden sitte;
- It ûntsoargjen fan gesinnen yn groanyske earmoed. Wy folle foarkomme dat dy gesinnen fan de iene krisis yn de oare bedarje. Dat hâldt bygelyks yn dat rekkeningen automatysk betelle wurde. De begelieding fan sokke gesinnen kin dien wurde troch soarch- en wolwêzensynstânsjes, oanfolle mei frijwilligersorganisaasjes;
- It dielnimmen oan sport, keunst en kultuer foar minsken mei in leech ynkommen. Njonken it Bernepakket (mei dêryn ûnder oaren Stifting Learjild, Jeugd sportfûns en Jeugdkulturfûns) wolle wy dat op in ferlykbere wize mooglik meitsje foar folwoeksenen. PAL GrienLinks is foarstanner fan in stedspas, dy't koarting jout op aktiviteiten dy't partisipaasjes befoarderje, lykas sport en dielname oan kultuer. Om stigmatisearring foar te kommen is de pas foar elkenien te keap en fergees foar minima.

1.3. Wy soargje foar elkoar

PAL GrienLinks stribbet nei in mienskip dêr't wy foar elkoar soargje en dêr't mantelsoarch op wearde skatten wurdt. Dêrom sette wy ús yn foar:

- Mear romte foar de kearnatak fan de wyk- en doarpetiims: it helpen fan minsken. Wy fertrouwe op it oardiel fan de sosjale wyk- en doarpetiims en wolle gjin útwrydske administrative prosessen mei beskikkingen. Fan sosjale wyk- en doarpetiims ferwachtsje wy in 'deropôf'-mentaliteit: as minsken har by it loket melde mei akute problemen, wurdt der net in ôfspraak makke foar oer seis wiken, mar daliks advys en stipe bean;
- It ôfskaffen fan it ynsdintstjoerde wurkjen fan de wyktiims.

Wy wolle dat der njonken it wurkjen mei yndividuele húshâldens mear tiid beskikber komt foar mienskipopbou troch de wyk- en gebietstiims. Sa ûntstiet der in sterkere sosjale struktuer troch inisjativen út de wiken, doarpsbewenners en belutsen frijwilligersorganisaasjes wei te stypjen;

- c) Besteging fan soarch- en wolwêzensbudzjetten oan werklike soarch en wolwêzen en net oan de administrative organisaasje dêrfan. Wy binne foarstanner fan in boargemastersnoarm, sadat wy easken stellen kinne oan it ynkommen fan bestjoerders fan soarchinstellingen;
- d) It sa goed mooglik behâlden fan de wurkwize fan doarpetiims fan it (eardere) Boarnsterhim, Littenseradiel en Ljouwerteradiel. Dêrtroch bliuwt de kennis fan de doarpen en de sosjale struktuer yntakt. Gearwurking tusken en ûnderlinge fersterking fan wyk- en doarpetiims fine wy wól fan grut belang;
- e) Belied om kwetsbere doelgroepen stabile, libbensbestindige wenbuerten te bieden en ferhúsbewegingen te beheinen;
- f) Wensoarchsônes yn wiken en doarpen der't âldereinwennings en (soarch)foarsjenningen ticht byelkoar lizze. Dêrmei wol PAL GrienLinks derfoar soargje dat de wennings en foarsjenningen yn oarder binne, sadat âldere minsken dy't langer thús wenje wolle dat ek kinne;
- g) It bestriden fan iensumens ûnder âlderein. Dat is in tanimmend probleem. PAL GrienLinks wol dêrom projekten stimulearje wêrby't âlderen dielnimme oan aktiviteiten bûtenhûs;
- h) Ien wethâlder dy't ferantwurdlik is foar it âldereinbelied.

1.4. Sport draacht by oan sûnens en wolwêzen

PAL GrienLinks wol ta op in mienskip mei sportfoarsjenningen dy't tagonklik binne foar elkenien, omdat sport bydraacht oan it wolwêzen, de yntegraasje en it dielnimmen fan ferskate doelgroepen oan de maatskippij. Dat dogge wy troch:

- a) It fuortsterkjen fan de ferbiningen tusken sport en oare ûnderdielen fan it sosjale domein. Wy meitsje mear jild

frij foar sportferieningen dy't aktiviteiten organisearje om net-leden sporte te litten. Om de ekstra aktiviteiten organisearje te kinnen en nije doelgroepen te finen, wurde wyksporntmanagers oansteld;

- b) Sportakkomodaasjes te ferduorsumjen. Mei troch goede isolaasje fan sportakkomodaasjes en it tapassen fan LED-ferljochting bliuwt it sporten ek op de lange duer betelber;
- c) Kuorballers, keatsers en cricketsers in leger taryf betelje te litten foar de hier fan de fjilden, omdat sy gâns minder gebrûk meitsje fan de sportfjilden;
- d) Sportferieningen harren ek presintearje te litten op de jierlikse Uitmarkt.

1.5. Elk bern kin syn talint benutte

Wa't dyn âlders binne mei net bepale hoefier ast komme kinst of hoe grut ast dreame kinst. PAL GrienLinks wol in mienskip dêr't alle bern feilich yn opgroeie kinne en har eigen talint optimaal yn benutte kin. Dêrom sette wy ús yn foar:

- a) Bern út gesinnen mei in leech ynkommen, sadat sy meidwaan kinne oan sport, kultuer en útstapkes op skoalle. PAL GrienLinks wol dêrom dat de stipe oan gesinnen troch it Jeugdportfûns, it Jeugdkulturfûns en Stifting Learjild yn stân bliuwt;
- b) Ekstra oandacht foar de skoallen yn lytse doarpen. Wy fine de kwaliteit fan it ûnderwiis en de leefberens yn de doarpen fan grut belang. Tegearre mei de ûnderwiiskoepels en skoalbestjoeren moat de opset fan skoallen takomstbestindich makke wurde;
- c) It aktyf stypjen fan trijetalich ûnderwiis (Ingelsk, Nederlânsk, Frysk) troch de gemeente;
- d) Ynvestearje yn kultueredukaasje op skoalle en yn talintûntwikkeling. Kultueredukaasje stimulearret kreativiteit en ynvintiviteit. Sa leare bern om ynformaasje te sykjen, te filterjen en kritysk te besjen. Wy meitsje it foar bern mooglik om harren talint nei skoaltiid op skoalle fierder te ûntwikkeljen;
- e) Foldwaande griene boartersplakken yn wiken en doarpen. As terreinen langere tiid braak lizze, kinne dy (tydlik) ynrjochte wurde as natuerlik en avontuerlik boartersterrein;

- f) Gau help en goede help foar bern of jongerein dy't grutte problemen hawwe. PAL GrienLinks fynt dat jongereinsoarch flot optrede kinne moat, om mear leed te foarkommen. Wy fine wachtlisten ûnacceptabel. De soarch moat goed oanslute by wat bern en jongerein nedich hawwe. Dêrom moatte bern en harren âlden sêls ek in stimme krije by it sykjen nei de bêste oplossing;
- g) It tsjingeane fan it foartidich ôfheakjen of útskriuwen fan jongerein. Elkenien dy't learplichtich is, sit op skoalle of folget in learwurktrajekt;
- h) In jongereinbudzjet dêr't de gemeente jongeren mei útdaget om positive inisjativen te nimmen. Jongeren kinne sels ideeën foar it jongereinbudzjet yntsjinje en dy sels útfiere. It budzjet giet nei it idee dêr't de measte jongeren op stimme.

1.6. In oantreklike studintestêd

PAL GrienLinks wol dat Ljouwert in oantreklike stêd om te studearjen is. Dêrom wolle wy:

- a) Dat de gemeente meibeteljen bliuwt oan foarsjenningen en eveneminten foar studinten;
- b) In mienskiplike yntroduksjewike fan alle studinteferieningen om it ferienigingslibben ûnder studinten te stimulearjen;
- c) Dat yn de binnenstêd, by de kennisynstellingen en yn de omkriten fan de Tesselschadestrijtte nije mooglikheden komme foar studintehúsfesting;
- d) Frije slutingstiden yn it hoarekagebiet yn de Ljouwerter binnenstêd. By in studintestêd heart ommers in brûzjend en fariearre útgeanslibben;
- e) Gjin drompels opsmite foar it brûken fan fytsen troch studinten. De fytsestalling by it NS-stasjon moat dêrom yn it wykein fergees wurde. Yn de binnenstêd en om de kennisynstellingen hinne komme ekstra fytsestallingen.

2

IN GRIENE, SÛNE EN SKJINNE TAKOMST

2.1. Wy besparje enerzjy en wekke skjinne enerzjy op

PAL GrienLinks wol op in mienskip ta dy't fossylfrije enerzjyboarnen brûkt. De kommende perioade wolle wy krêftich ynsette op it besparjen fan enerzjy en bêste stappen meitsje yn de enerzjytransysje. Dêrom meitsje wy ús sterk foar:

- It ynvestearjen yn isolaasje en enerzjybesparjende maatregels by benammen gemeentlike gebouwen en sportakkomodaasjes;
- It frijmeitsjen fan amtlike kapasiteit om bedriuwen te advisearjen oer it besparjen fan enerzjy en ferduorsuming. It grutste part fan it enerzjyferbrûk yn Ljouwert fynt op dit stuit plak by bedriuwen;
- It fersnellen fan de ferduorsuming fan sosjale hierwenningen, sadat hierders profitearje fan enerzjybesparings en trochdat hierders sels mooglikheden krije om duorsume enerzjy op te wekken. Wy meitsje dêroer ôfspraken mei

wenningboukorporaasjes;

- Dat foaral minsken mei in leech ynkommen profitearje fan ferduorsuming. Húshâldens mei in goedkeape wenning krije de mooglikheid om in fergese duorsumheidsscan dwaan te litten en advys te krijen oer it ferduorsumjen fan har wenning;
- It fersneld tapassen fan ierdwaarmte út grutte dipte. As dat net fan de grûn komt, binne wy ree om as gemeente in finânsjeel part te nimmen yn in enerzjybedriuw foar it oanlizzen fan waarmtenetten. Dêrby moatte foarôf foldwaande garânsjes wêze foar de produksje en de ôfname fan dy waarmte;
- Enerzjykorporaasjes en doarpsprojekten wêrby't de sizzenskip oer de enerzjyproduksje mear yn hannen fan boargers komt. Wy bliuwe boppedat foarstanner fan doarpswynmûnen;
- It safolle mooglik opwekken fan duorsume enerzjy mei sinnepanelen op dakken of boppe parkearterreinen, sadat der gjin sprake is fan ûnnedich beslach op de romte yn

- it lânskip. Foar sinnegreides der't doarpen of wiken yn partisipearje meitsje wy graach in útsûndering;
- It griener meitsjen fan leges en heffings. It fergunningfrij meitsjen fan duorsume enerzjyprojekten dy't gjin lânskiplike of romtlike ympakt hawwe.

2.2. Wy binne sunich mei grûnstoffen

PAL GrienLinks wol ta op in sirkulêre ekonomy wêryn't it ôffal fan it iene bedriuw in grûnstof foar it oare is. Dêrom sette wy yn op:

- De lanlike doelstelling om yn 2020 75% fan it ôffal wer te brûken. Om dat doel te heljen wolle wy in differinsjearre tarief ynfierje, wêrby't der ôffalstofheffing betelle wurdt nei it part restôffal dat produsearre wurdt. Dêrby wolle wy rekken hâlde mei de gefolgen foar minima troch kompensaasje fia frijkskating;
- Nije wurkgelegenheid troch de sirkulêre ekonomy. Wat PAL GrienLinks betreft nimt Ljouwert dêryn it foartou troch ôfspraken te meitsjen mei Omrin, ûnderwiisinstellingen en mei it bedriuwslibben en belutsen frijwilligersorganisaasjes;
- Bewenners en sportklups safolle mooglik behelje by it skieden fan ôffal en it skjinhâlden fan de wyk of it doarp. Wy binne dêrom foarstanner fan it ynsammelen fan âld papier troch wykbewenners en stypje projekten foar it opromjen fan swalkôffal.

2.3. Wy kieze foar natoer, lânskip en it wolwêzen fan bisten

It bûtengebiet yn ús gemeente hat kwaliteiten dy't de stêd net hat. Kinst der einleas fier sjen, it wurdt der nachts tsjuster en it is der moai stil. De biodiversiteit stiet der lykwols swier ûnder druk. PAL GrienLinks wol de kwaliteiten fan it lanlik gebiet behâlde foar de kommende generaasjes en wol in gemeente dy't oantreklik foar minsken en bisten is. Dêrom meitsje wy ús sterk foar:

- It fergrutsjen fan de biodiversiteit yn de stêd, de doarpen

en it bûtengebiet troch ekologysk behear fan it grien. De bjirmen yn it bûtengebiet wolle wy ynsiedzje mei blomrike siedmingsels, sadat der tusken de doarpen saneamde bijelinten ûntstean dy't goed binne foar flinters en bijen. Dêrnjonken wolle wy dat der yn de iepenbiere romte mear fruitbeammen en beiestruken oanplante wurde, sadat der in ytbere stêd foar minsken en bisten ûntstiet;

- It better beskermjen fan de groeiplakken fan beammen en it oanplantsjen fan mear nije beammen. Beammen drage by oan de pracht en leefberens fan ús stêden en doarpen. Benammen grutte beammen binne ankerpunten, suverje de lucht, fange CO2 op en foarmje nêstplakken foar fûgels;
- In koarte fiedselstring, omdat dy bydraacht ta in sûnere wrâld foar minsken en natoer. Wy bliuwe nije inisjativen foar de produksje en fersprieding fan pleatslik iten stypjen. Tink dêrby oan doarpstunen, plôktunen en food trucks of ôfhelppunten fan pleatslik iten;
- Natoerynklyse lânbou. Wy wolle dat de gemeente tegearre mei de Dairy Campus, boeren en boargerinisjativen lykas Kening fan 'e Greide nije fertsjinstmodellen ûntwikkelet, sadat der foar ûndernimmers perspektyf ûntstiet om op in oare wize te buorkjen. Wêr't dat mooglik is, stypje wy boeren by it ynsiedzjen fan krûderike greiden en de ûntjouwing fan 'plasdrasgebieten';
- It garandearjen fan de romtlike kwaliteit fan it plattelân. Foar alle parten fan it bûtengebiet wolle wy in byldkwaliteitsplan hawwe, sa't dat fêststeld is foar it bûtengebiet fan Littenseradiel. It oanplantsjen fan beammen lâns histoaryske paden, leanen en hiemen dogge wy mei gebietseigen soarten;
- It ferienfâldigjen fan de werbestimming fan earder boerebedriuwen foar in nije funksje;
- It tsjinhâlden fan yntinsive feehâlderijen, om it wolwêzen fan minsken en bisten;
- Fjoerwurkfrije sônes om bernebuorkerijen, de bisteopfang en parken hinne, om de oerlêst foar bisten minder te meitsjen;
- De kwaliteit fan it tsjuster yn it bûtengebiet. PAL GrienLinks wol dat der foar it hiele gemeentlike grûngebiet regels foar ljochthinder fan lisboksstâlen

jilde. Dêrnjonken wolle wy algemiene regels opstelle om de ljochtfersmoarging troch kantoargebouwen, bedriuweterreinen en sportkompleksen te beheinen.

2.4. Wy meitsje it reizgjen skjûn, betelber en noflik

PAL GrienLinks wol dat ferfier in stik skjûnner wurdt en dat bern feilich nei skoalle fytse kinne. Dêrom sette wy yn op:

- De tagonklikheid fan de iepenbiere romte foar minderfaliden. Wy jouwe mear prioriteit oan fuotgongers yn it ferkear troch mear sebrapaden oan te lizzen;
- It tsjinhâlden fan de oanlis fan nije wegen. (Undersyk nei) in nije streamdyk tusken Snits en Ljouwert stypje wy net;
- It sterker meitsjen fan kombinaasjes fan (skjûn) reizgjen. By de Werpsterhoeke komt in transferium dêr't forinzen en besikers op 'e fyts of mei it iepenbier ferfier nei Ljouwert reizgje kinne. De oare P+R-terreinen wurde grutter makke, kwalitatyf ferbettere en foarsjoen fan ekstra fytsklûzen;
- It griener meitsjen fan it iepenbier ferfier, it Wmo-ferfier en de eigen auto's fan de gemeentlike organisaasje. Bussen ride op grien gas of it gemeentlike ferfier wurdt elektrysk;
- In fierdere differinsjaasje tusken de parkeartariven. Parkeare yn de iepenbiere romte wurdt swierder belêstige en parkeare yn de parkeargraazjes wurdt oantrekliker makke;
- Op de parkearring ride noch altyd tefolle auto's dy't net yn de binnenstêd hoege te wêzen. PAL GrienLinks stiet dêrom iepen foar it ûnderbrekken ('knippen') fan de parkearring. Dêrtroch bliuwe de parkeargraazjes berikber foar bestimmingsferkear, mar rydt der folle minder trochgeand ferkear oer de parkearring. De berikberheid en de feilichheid foar it stadige ferkear wurdt dêrtroch substânsjeel ferbettere;
- It stimulearjen fan oplaadpunten foar elektryske fytsen en auto's. PAL GrienLinks makket hjir (iepenbiere) romte foar frij;
- It oplossen fan it wichtichste fytskneulpunt fan Fryslân by de spoarogong fan de Skrâns en it Suderplein

troch de oanlis fan in fytstunnel. Omdat wy net wolle dat fytsers wachtsje moatte op autoferkear, kieze wy ek op de stedsring safolle mooglik foar fytstunnels. Op termyn wolle wy dêrom bygelyks op it Faleriusplein (fytsrûte út Stiens wei) fytstunnels oanlizze;

- It opwurdearjen fan wichtige fytsrûtes tusken de binnenstêd fan Ljouwert en omlizzende wiken of doarpen ta komfortabele snelfytsrûtes. Dat betsjut brede, skieden fytspaden, ferkearsljochten dy't geunstich ôfsteld binne en foarrang op rotondes;
- It ferbreedzjen fan it rekreätive fytspaad by de Dokkumerle del, sadat kuierdere en fytsers it paad njonken elkoar brûke kinne. Wy moatte dan wol foarkomme dat hastige en lûde ferkearsdielnimmers dy oantreklike rûte brûken gean;
- In heldere, feilige ynrjochting fan rotondes mei foarrang foar fytsers. Troch it tapassen fan fytsfoarrang op de âlde eastlike rûnwei wurde de fytsrûtes nei it easten fan de stêd better (by de Archipelwei en de Sintrale);
- It stimulearjen fan it fytsferkear troch it útwreidzjen fan it oantal fytsstallingen by skoallen en sportfoarsjenningen. PAL GrienLinks wol dat der yn de binnenstêd in bewaakte fytsstalling bykomt;
- Feilige fytsrûtes. Troch de fytsrûtes te skieden fan drokke autorûtes en rêstige strjitten yn te rjochtsjen as fytsstrjitten dêr't auto's te gast binne. Dat jildt bygelyks foar de Emmakade, de de Maria Louisestrjitte, de Huzumerleane en it Cambuursterpaad;
- Earder wurk meitsjen fan de ynrjochting fan 30 km-sônes dy't noch net duorsum feilich ynrjochte binne, sadat auto's der minder hurd ride en dy gebieten ek werklik feiliger wurde;
- Ôfspraken mei de lânbousektor oer tanimmend ferkear fan grutte masjines troch doarpen en oer smelle diken yn it bûtengebied, om oerlêst en ûnfeilichheid te foarkommen. Mochten de ôfspraken net liede ta ferbettering, dan kinne der beheiningen ynsteld wurde;
- It ferminderjen fan oerlêst en it ferbetterjen fan de feilichheid op fytspaden, troch scooters en brommers op de rydbaun ride te litten.



3.1. Bouwen bliuwe oan in monumintale stêd en moaie doarpen

PAL GrienLinks is grutsk op de monumintale binnenstêd fan Ljouwert, de moaie doarpen en it ferskaat fan ús wiken. Omdat wy de kwaliteit fan de beboude romte en de ferskate wenmiljeus foar de kommende generaasjes behâlde wolle, meitsje wy ús sterk foar:

- Gjin fierdere útwreidingen bûten it besteande beboude gebiet njonken de al besteande útlislokaasjes as de Súdlanan en Grut Palma. Om bebouwing safolle mooglik binnen de besteande grinzen te hâlden en oansprekkende stedeboekundige aksinten te lizzen, wolle wy in heechboufyzje foar de stêd Ljouwert;
- It libben hâlden fan de binnenstêd fan Ljouwert. PAL GrienLinks wol njonken de detailhannel ynsette op oare funksjes dy't ta dit doel bydrage. Sa kinne hoareka, tsjinstferlienende bedriuwen, ûnderwiisinstellingen en kulturele funksjes in plak krije yn de strjitten dêr't de winkelstân tebekrint;

- Muzyksintrum Schaaf as kultuerpoadium en bûnzjend hert fan it Speelmanskertier;
- De monuminten yn de gemeente. Under "Vernieuwd Stadsherstel" bliuwe wy jild reservearjen foar it restaurearjen fan monuminten en it opknappen fan rottige kiezen;
- It goed beskermjen fan karakteristike panden yn de nije parten fan de gemeente. Dêrom wize wy ek yn dy parten panden oan dy't yn oanmerking komme foar beskerming;
- It oanlizzen fan nij iepenbier grien yn de âldere wiken om it sintrum hinne;
- Safolle mooglik rekken hâlde mei de kultuerhistoaryske wearden en natoerwearden by de fierdere ûntwikkeling fan de Súdlanan;
- It fasilitearjen fan de realisasje fan in nij Cambuurstadion. PAL GrienLinks fynt de maatskiplike en regionale funksje fan SC Cambuur wichtich. Dêrby moat rekken holden wurde mei de belangen fan ûndernimmers yn de binnenstêd en mei dy fan omwenners. Rjochtstreekse finânsjele stipe oan in fuotbalklup en grutte gefolgen

foar de binnenstêd fan Ljouwert fynt PAL GrienLinks ûnwinsklik;

- i) It fuortsterkjen fan de leefberens en de romtlike kwaliteit yn doarpen troch benammen op ynwreidingsplakken in kombinaasje fan starters- en senioarwenningen te bouwen. Mooglike doarpsútwreidings bliuwe lytsskalich en wurde mei soarch yn it lânskip ynpast;
- j) It opnimmen fan regels foar duorsum bouwe yn it gemeentlik 'omgevingsplan' en it wolwêzensbelied. It bouwen fan enerzjyneutrale wenningen en libbensrinbestindige wenningen wurdt dêrtroch ienfâldiger;

3.2. Betelbere wenningen yn noflike wiken en leefbere doarpen

PAL GrienLinks wol wiken en doarpen mei in mingde wenningfoarrie en in ferskate befolkingsgearstalling. In wenning is om yn te wenjen en is gjin produkt fan de merk. Dêrom sette wy yn op:

- a) In mingde wenningfoarrie mei (sosjale) hier- en keapwenningen yn de stêd en de doarpen. Ynkomen bepaalt net wêr't wennest. Dat betsjut dat der ek yn de binnenstêd en de doarpen sosjale hierwenningen beskikber bliuwe moatte;
- b) It ûntwikkeljen fan mear wennmiljeus mei apparteminten binnen it besteande beboude gebiet en yn it útlisgebiet Súdlannen. Dat is noadich omdat it oantal ien- en twapersoanshúshâldens yn ús gemeente de kommende jierren tanimme sil;
- c) It ôfstimmen/oanpassen fan de besteande wenningfoarrie op it tanimmend oantal âlderen dat thús wenjen bliuwt. PAL GrienLinks wol dat de gemeente, wenningboukorporaasjes en soarchynstellingen dêr in mienskiplik plan foar opstelle. Dêrnjonken wolle wy dat der nije, solidêre foarmen fan wenjen ûntwikkele wurde, spesjaal rjochte op âlderen. Wy tinke oan wenfoarmen mei mienskiplike romtes lykas hofkes en wengroepen;
- d) Betelbere hierwenningen. Dêrom hawwe wy der yn de wenfyzje foar keazen om maksimaal 40% fan it netto-ynkommen te nimmen as rjochtgetal/streefgetal foar wen- en soarchlêsten. Dat is gjin bliuwende ôfspraak.

PAL GrienLinks wol konkrete maatregelen fan de wenningboukorporaasjes en gemeente om de hier- en enerzjylêsten omleech te bringen;

- e) It foarkommen fan skulden ûnder hierders, troch foar húshâldens mei hege wenlêsten en in sterk weromfallend ynkommen in wenlêstenfûns te meitsjen;
- f) Ekstra oandacht foar de foarsjenningen yn de doarpen. Kultureel Sintrum De Skalm behâldt har kulturele funksje foar Stiens en omkriten. Troch it pand te ferduorsumjen ferbetterje wy de eksploitaasje fan it gebou;
- g) It aktyf befoarderjen fan de oanlis fan glêsfezelkabels of in ferlykbere kommunikaasjetechnology. Foar de leefberens en it ûndernimmersklimaat fan it plattelân is in goede (digitale) berikberens fan wêzentlik belang;
- h) Stimulearring fan boargerinisyntiven foar foarming fan wenkôoperaasjes dêr't wenningen eigendom wurde fan doarpsorganisaasjes of hierders. As de wenningmerk ûnfoldwaande betelbere en duorsume wenningen leveret, oerwaget PAL GrienLinks de(wer)oprjochting fan in gemeentlik wenningbedriuw;
- i) It ynvestearjen yn achterstânwiken. Mei wenningboukorporaasjes meitsje wy ôfspraken oer it stapswize oanpassen fan de wenningfoarrie yn wiken mei in soad heechbou.

3.3. Romte foar rekreaasje en toerisme

PAL GrienLinks wol in gemeente dêr't besikers mûle-op-mûlereklame meitsje oer de moaie binnenstêd, it fariearre plattelân en it kultueroanbod. Dêrom meitsje wy ús sterk foar:

- a) Kultuertoerisme as de takomst fan Ljouwert. PAL GrienLinks wol Ljouwert better op 'e kaart sette as Hôfstêd, monumintestêd en evenemintestêd. Foar it realisearjen fan de noadige foarsjenningen is in toeristysk ûntwikkelingsplan nedich;
- b) It ferbinen fan stêd en plattelân as kâns foar it toerisme. Wy wolle mear arranzjeminten fan besite oan de stêd yn kombinaasje mei de doarpen en natoergebieten yn de omkriten;
- c) It fuortsterkjen fan it netwurk fan kuier- en fytsrûtes.

Dêrby tinke wy oan tematyske kuierrûtes troch de terpdoarpen Jelsum, Koarnjum en Britsum en by de greidefûgelgebieten lâns yn (Nij) Baarderadiel. Lokale wurkgroepen en it HCL kinne belutsen wurde by de ynformaasjefoarsjenning.

- d) In farrûte troch de binnenstêd fan Ljouwert troch fan de Prins Hendrikbrêge in beweechbere brêge te meitsjen. Dat makket it farren troch Ljouwert noch oantrekliker en soarget foar in ympuls oan it wen- en leefklimaat. By de kaden lâns kinne hoareka en moaie publike romtes ta stân brocht wurde;
- e) Gearwurkingsferbannen foar it ûntwikkeljen fan rekreative rûtes en it better yn 'e merk setten fan gebieten as de Alde Feanen. PAL GrienLinks wol dat de gemeente dêr it foartout by nimt.

3.4. Keunst en kultuer ferrykje ús libben

Keunst en kultuer ferbreedzje de hoarizon en litte minsken op in nije wize nei de mienskip sjen. Wy wolle wurkjen bliuwe oan in mienskip dêr't keunst en kultuer bydrage oan maatskiplike en sosjaal-ekonomyske feroaring. Dêrom wolle wy:

- a) Dat de basisynfrastruktuer foar keunst en kultuer op

oarder bliuwt. PAL GrienLinks wol net besunigje op de skouburch, poppodium Neushoorn, de bibleteken of musea;

- b) Dat elk bern ryklik yn 'e kunde komt mei ferskate foarmen fan keunst en kultuer. Kulturedukaasje is wichtich foar de persoanlike en kognitive ûntwikkeling fan bern. PAL GrienLinks wol dêrom it besteande keunstmenu ferbreedzje en útwreidzje nei alle skoallen, sadat alle learlingen yn oanrekkings komme mei ferskate foarmen fan kultuer. Op dy wize berikke wy ek de bern dy't soks net fan hûs út meikrije en soargje wy foar trochrinnende learlingen;
- c) Mear mooglikheden om yn wiken en doarpen diel te nimmen oan keunst- en kultuerprojekten. Der komme dêrom mear 'community-artprojekten';
- d) In dúdlik festivalbelied. De kwaliteit fan eveneminten wurdt better troch in mearjierrensubsydzje. Dat moat liede ta in bredere festivalkalinder mei in better sprieding. PAL GrienLinks wol dêr ekstra jild foar reserwearje;
- e) Dat keunstners en kulturele ferienigingen in podium krije troch ekstra jild foar talintûntwikkeling en in rommere regeling foar kultuerproduksjes;
- f) Dat yn alle priisklassen atelierrommtes foar keunstners beskikber binnen. Wy wolle dêrom dat de gemeente in aktyf briedplakbelied hat, dêr't gemeentlike gebouwen foar beskikber steld wurde.



4.1. Wy bestride diskriminaasje en befoarderje emansipaasje

PAL GrienLinks wol in mienskip dêr't gjin diskriminaasje foarkomt en dêr't elkenien har- of himsels wêze mei. Dêrom meitsje wy ús sterk foar:

- In oerheid dy't elkenien gelyk behannelet. Dat ferwachtsje wy ek fan oare ynstânsjes yn de stêd. Om de bewustwurding te befoarderjen wolle wy dat ús gemeente ûndersyk dwaan lit nei diversiteit binnen de eigen organisaasje. Dêrnjonken fine wy anonym sollisitearje in goed middel om diskriminaasje foar te kommen;
- It registrearjen fan diskriminaasjemeldingen troch organisaasjes lykas Tûmba en COC Fryslân en de gearwurking mei de plysje dêrby. Njonken dy wetlike taak wol PAL GrienLinks ek dat de organisaasjes romte krije foar previnsje- en edukaasjesprojekten op skoallen en yn fersoargingshuzen. Ljouwert kin dêr sintrumgemeente yn wêze, sadat de organisaasjes en lytse gemeenten gjin ôfsûnderlike ôfspraken en oerheadkosten hoege te meitsjen;
- In breed diversiteitsbelied by bedriuwen, útstjoerburo's en hoareka. De diversiteitsplom dy't alle jierren útrikt wurdt oan bedriuwen en organisaasjes, wurdt keppele oan in

breder programma mei foarljochting en kursussen. Tûmba en COC binne dêrby ús partners;

- Partisipaasje fan de gemeente yn it Befrijingsfestival, dêr't dialooch sintraal by stiet;
- In gearwurking fan de gemeente mei skoallen, âlders en oare ynstânsjes by kampanjes dêr't stigmatisearring en pesten oan 'e kaak steld wurdt. PAL GrienLinks sjocht pesten as in maatskiplik probleem.

4.2. Wy biede ûnderdak oan flechtlingen

PAL GrienLinks wol de eagen net slute foar konflikten yn oare parten fan de wrâld en fynt dat de gemeente Ljouwert har gastfrij opstelle moat nei flechtlingen ta. Dêrom sette wy ús yn foar:

- In goede begelieding fan statushâlders, sadat dy har plak yn de mienskip gau fine. Der moat in dúdlik loket wêze dêr't statushâlders telâne kinne mei praktyske fragen. Omdat net alle statushâlders like goed belutsen wurde by aktiviteiten, moatte de gemeente en sosjale wyktiims aktyf neigean wêr't yn oanfolling op alle frijwilligersinisjativen stipe nedich is;
- De beskikberheid fan taalkursussen op elk nivo

foar statushâlders. Taal stiet foar ús sintraal by de ynboargering;

- De festiging fan in AZC op it stuit dat de oantallen flechtlingen wer tanimme. Wy stypje ek de lytsskalige hûsfesting fan statushâlders yn doarpen as Jorwert en Easterlittens;
- Needhelp oan útprosedearre asylsikers. Salang't der gjin slutend belied by it Ryk wei komt, wolle wy trochgean mei it ferlienen fan needhelp. Yn Nederlân hoecht nimmen op strjitte te sliepen;
- In rol foar riedsleden by it paadwiis meitsjen fan statushâlders. Bygelyks troch it jaan fan in rûnlieding yn it stedhûs en les te jaan oer it funksjonearjen fan lokale demokrasy.

4.3. In rjochtfeardige wrâld

PAL GrienLinks wol in gemeente dy't each hat foar de mooglikheden en omstannichheden fan minsken yn oare lannen. Dêrom wolle wy dat:

- Ljouwert as Fairtrade-gemeente bedriuwen oantrunet om safolle mooglik neffens Fairtrade prinsipes te hanneljen en yn te keapjen;
- Der by ynkeap en oanbestegingen each foar it miljeu en minskerjochten is. Wy dogge gjin saken mei (finânsjele) ynstellingen dy't jild fertsjinje oan bernearbeid, wapenhannel of it útrûpeljen fan minsken;
- De gemeente it Frysk as twadde Rykstaal aktyf stipet en stimulearret ûnder har wurknimmers en ynwenners.



5.1. Wy befoarderje in feilige mienskip

PAL GrienLinks wol de feilichheid fergrutsje troch previntyf belied en minsklik tasjoch. Dêrom sette wy yn op:

- Minsklik tasjoch. Elke wyk en elk doarp moat in wykagint hawwe;
- It ynsetten fan strjitte- en buertcoaches. PAL GrienLinks

sjocht krytysk nei it ynsetten fan repressive middels lykas kameratasjoch, ferboaden op gearkloftsjen en previntyf fûllearje. It middel moat altyd yn ferhâlding ta it probleem stean;

- Frije slutingstiden yn de hoarekagebieten yn de Ljouwerter binnenstêd. By in studintestêd heart in brûzjend en fariearre útgeanslibben. Boppedat foarkomme frije

- slutingstiden dat grutte groepen minsken tagelyk byinoar op strjitte binne;
- d) Legalisearre wytteelt foar coffeshops. Dêrtroch hat de oerheid mear kontrôle op it THC-gehalte en de teelt fan kannabis. Coffeshops moatte net twongen wurde ta hannel mei kriminelen;
 - e) It ferromjen fan festigingskritearia foar coffeshops. Coffeshops liede net ta mear oerlêst as gewoane hoarekasaken;
 - f) Strang optrede by misstannen en minskehannel. PAL GrienLinks wol dat de gemeente skerp tafersjoch hâldt op ekspluitanten fan ruten op de Weaze. Tagelyk wurde kânsen kreëarre foar sekswurkers dy't ophâlde wolle mei it wurk.

5.2. Wy soargje foar mear sizzenkip

PAL GrienLinks fynt it wichtich dat wy de oerheid net allinnich sjogge as in tsjinstferlienend orgaan. It lokale bestjoer stiet ek foar it hoedzjen fan kearnwearden lykas sizzenkip, lykweardichheid en feilichheid. Dêrom meitsje wy ús sterk foar:

- a) Romte foar lokale inisjativen. Net om te besunigjen op oerheidstaken, mar omdat buerten en doarpen goed by steat binne om saken ûnderling te regeljen. Op plakken dêr't de organisaasje net troch eigen inisjativen en gearwurking fan 'e grûn komt, bliuwe wy as lokale oerheid fansels ferantwurdlik foar in goede tsjinstferliening;
- b) De mooglikheid foar elkenien om har of syn stânpunt nei foaren te bringen. Demokrasjy betsjut foar PAL GrienLinks net dat de mearderheid altyd gelyk hat. Wy wolle boargers safolle mooglik de gelegenheid biede om yn it stedhûs har soargen en ideeën oer ferskate ûnderwerpen te dielen;
- c) In sa grut mooglike sizzenkip fan boargers. PAL GrienLinks is foarstanner fan leechdrompelige referinda;
- d) Mear romte foar lokaal belied op it mêd fan it Sosjaal

Domein, mar ek foar nije eksperiminten yn it ramt fan de 'Omgevingswet'. Gemeenten binne no tefolle in útfieringsloket fan it Ryksregear yn Den Haach. Wy sjogge hiel kritysk nei de foarming fan gearwurkingsferbannen en de útfiering fan mienskiplike regelingen.

5.3. In slutende begrutting

PAL GrienLinks wol in slutende mearjierrebegrutting, sadat foarsjenningen ek op de lange termyn betelber bliuwe. Dêrom sette wy yn op:

- a) It prinsipe dat de sterkste skouders de swierste lêsten drage. Dat betsjut dat frijskattingsregelingen foar boargers mei in leech ynkommen yn stân bliuwe;
- b) Lêstenferswierring as mooglikheid foar in slutende begrutting. Foar PAL GrienLinks binne besunigingen net de iennige oplossing. Wy meitsje altyd in goede ôfwaging tusken lêstendruk foar de boargers en de kwaliteit en tagonglikheid fan de levere foarsjenningen;
- c) Antysyklysk begrutsje. Dat betsjut dat wy in begruttingstekoart en it brûken fan opboude reserves yn ekonomysk swiere tiden akseptabel fine;
- d) Fergriening fan de ôffalstoffenheffing, bouleges en de rioalheffing. Dat betsjut dat de fersmoarger betellet. De fergriening moat boargers en bedriuwen stimulearje om miljeufreonlik te kiezen;
- e) It meiwagen fan kritearia lykas goed wurkjouwerskip, miljeufreonlikheid, earlike hannel en de ynfloed op de lokale ekonomjy by oanbestegingen. Foar PAL GrienLinks is net inkeld de priis trochslachjouwend;
- f) It fuortsetten fan it Ljouwerter Undernimmersfûns (LUF) wurdt betelle út in opslach op de ûnreplik goed belêsting (ozb). Wy fine wol dat de agraryske sektor neidrukliker belutsen wurde moat by de besteging fan it jild troch it LUF.

PAL GROENLINKS